

Spinwielke klaachsang

skreaun foar de Oerstek-musical fan 2001

spinwiele, spinwiele, draai yn it rûn	D	Gm	D	
ús heit syn geswets koe alles bedjerre	Gm	D	Cm	D
der leit gjin goud, mar wol strie op 'e grûn	D	Cm	D	
en as it moarn ljocht wurdt sil'k stjerre	Gm	Cm	D	

wat is in kening dy't swetsen fertroud	Gm	D		
en lit my mar spinne en switte	Cm	D		
hy is ferblinde, sjocht inkeld mar goud	Gm	D		
hy wol alles ha en besitte	Gm	Cm	D	

ik sit te spinnen en bin wer de klos
de doar ticht: ik kin nergens hinne
dogge se moarn dizze doar dan wer los
besykje'k mar hurd fuort te rinnen

spinwiele, spinwiele, draai yn it rûn
ús heit syn geswets koe alles bedjerre
der leit gjin goud, mar wol strie op 'e grûn
en as it moarn ljocht wurdt sil'k stjerre